

# Bijlage HAVO

# 2010

tijdvak 1

**Fries**

tevens oud programma

**Fries 1 en Fries 1,2**

---

Tekstboekje

### Geveltsjefrysk

- (1) De erkenning fan it Frysk is wer in stap fierder. It Ferdrach fan Lissabon dat yn it plak komt fan de Europeeske grûnwet, krijt in Fryske fertaling. Jûch-hei! Of is dat dochs earder in kwestje fan geveltsjefrysk?
- (2) Wat wie de doetiidske minister Ben Bot fan Bûtenlânske Saken yn it neijier fan 2004 heechhertich. Der kaam in grûnwetlik ferdrach fan Europa oan. Mei de mooglikheid om it oer te setten yn talen dy't yn bepaalde regio's fan grut belang binne. Spanje griep de kâns oan en soarge foar Katalaanske en Baskyske ferzjes. De Britten gunden Wales in grûnwet yn de eigen taal. Wêrom dan gjin grûnwet yn it Frysk? Bot fûn dat net nedich. De Europeeske grûnwet wie sa'n grou dokumint, 492 siden, dat it oersetten soe in slompe jild kostje. Wa soe de grûnwet lêze yn it Frysk? De doelgroep wie beheind. De Britten hiene dat ek konkludearre foar it Skotske Gaelic. Boppedat binne Friezen it Nederlânsk ek aardich machtich, beklamme de CDA-minister. Hy wie derfan oertsjûge dat it mei in Nederlânske ferzje wol ta koe. Dêrby kaam dat Nederlân noait Europeeske ferdraggen yn it Frysk oerset. Wêrom diskear dan wol?
- (3) Tsjin de ôfwizing fan Bot kaam ferset fan de FNP, deputearre Bertus Mulder en de Twadde Keamerfraksje fan GrienLinks. In Fryske oersetting soe symboalysk fan grutte wearde wêze. Dit wie net samar in ferdrach. It wie de grûnwet foar Europa.
- (4) Uteinlik gong Bot yn 'e maitiid fan 2005 om. Der wie in referindum oer de grûnwet op kommandeweis. Wêrom de Friezen tsjin jin yn it harnas jeie as dat kostbere stimmen kostje kin? It slagge net mear om de Fryske oersetting foar
- 45 it referindum op 1 juny klear te hawwen. Der kaam allinne in Fryske ferzje fan de gearfetting. De kosten fan al it fertaalwurk soene Ryk en provinsje diele.
- (5) De belofte fan in Fryske oersetting wie net foldwaande om it referindum te winnen. Nederlân stimde de grûnwet ôf. Der kamen nije ûnderhannelingen. Europa swakke mei op fersyk fan Nederlân it grûnwetlik ferdrach ôf ta in gewoan ferdrach.
- (6) Den Haach liet witte dat der ek fan dat ferdrach fan Lissabon in Fryske oersetting komt. Deputearre Jannewietske de Vries wie der o sa mei op 't skik. Se priizge de symboalyske wearde. Mei in offisjeel ûndertekene ôfskrift fan de Fryske oersetting yn it argyf fan de Rie fan Ministers wurdt de status fan de taal ferhege en dêr kin de provinsje him yn de korrespondinsje mei it Ryk op beroppe.
- (7) Mar mei watfoar rjocht kin men derop oantrune om dat wiidweidige ferdrach – al 270 siden en dan komme de protokollen der noch by – yn it Frysk oer te setten? It mei no fan Den Haach absolút gjin grûnwet hjitte, it is in 'gewoan' Europeesk ferdrach. Mar it is wol it earste ferdrach dat útdruklik oanjout dat de stikken ek yn regionale talen ferskine meie. Fertsjinnet dy status de útsûndering om diskear wol in oersetting te meitsjen?
- (8) De Nederlânske Grûnwet bestiet hast hûndert jier. Dêr is noait in offisjele Fryske oersetting fan ferskynd. Dochsbegripe de Friezen reedlik goed wat der yn dy grûnwet stiet en besykje se dêrnei te hanneljen. De arguminten fan Bot wêrmei't er de oersetting doedestiids ôfwisde, geane wer hielendal op. Al dy drokte om wat Fryske sentiminten del te bêdzjen!

(9) Ungemurken makket Den Haach ek  
90 sûnder in Fryske oersetting fan it  
Ferdrach fan Lissabon al mear wurk fan  
de twadde rykstaal. Fan Tresoar  
ferskynden de statuten twatalich yn de  
Staatscourant. Ek de advertinsje foar  
95 de nije Kommissaris fan de Keningin  
ferskynde foar it earst twatalich yn it  
offisjele meidielingelêd fan it Ryk.  
(10) Der sille mear minsken wêze dy't  
soksoarte Fryske teksten lêze as dy't

100 oait de goed fjouwerhûndert Fryske  
siden fan it Europeeske ferdrach  
útplúzje sille. Der binne grif mear fan  
sokke praktyske saken dêr't foarrang  
oan jûn wurde kin. Op de website fan it  
105 Ministearje fan Binnenlânske Saken  
steane wol teksten yn it Papiamintsk  
mar net yn it Frysk en soe dêr pas echt  
wat oan te feroarjen wêze as der in  
Frysktalich boekwurk yn it ûnderste  
110 burolaad by de Rie fan Ministers leit?

*Nei: Marcel de Jong, Leeuwarder Courant fan 12 april 2008*

## Tekst 2

### Jong ûndernimme is gjin spultsje

(1) Punten score en race tsjin in dead-  
line: selsstannich ûndernimmen liket  
bytiden wol in 'real life computergame'.  
Alex en Chamin fan Mediaheads kinne  
5 deroer meiprate: it hawwen fan in eigen  
bedriuwke is dreech en ferslaavjend  
tagelyk.  
(2) Alex Strooisma (27) sit mei de  
hannen omheech efter syn buro oan de  
10 lewâl yn Ljouwert. "Moatst no ris sjen  
nei al dy papieren hjir. Subsydzje-  
oanfragen, rekkens, formulieren om de  
oeren te ferantwurdzjen en gean sa mar  
troch. Dit is net leuk mear. Wy binne  
15 media-spesjalisten en sûnder help fan  
in ekonoom of in accountant komme wy  
der net út." Kollega Chamin Hardeman  
(ek 27) skodhollet boppe in beker kofje.  
"Nee, dit makket dy echt net happy."  
20 (3) De papieren op it buro binne adres-  
sarre oan Mediaheads, it bedriuw fan  
Alex en Chamin. Sûnt har ôfstudearjen  
yn 2007 oan de oplieding Communica-  
tion and Multimedia Design wurkje se  
25 selsstannich oan media-opdrachten.  
"Mar eins ha wy beide foaral in passy  
foar gaming en digitale televyzje, en dy  
dingen wolle wy graach kombinearje.  
Us ambysje? In tv-programma meitsje

30 oer gaming en dan foaral de wrâld dêr-  
omhinne. Der binne sa'n soad jongeren  
dwaande mei bygelyks kompjûter-  
spultsjes dy't mei in sport te meitsjen  
hawwe en dêr bestiet soms, krekt lykas  
35 yn de echte sportwrâld, in serieuze  
kultuer omhinne. Sa wurde yn Dútslân  
de spilers dy't meidogge oan  
autoracing-games goed sponsore en  
behannele as echte sporthelden. Dy  
40 kant wolle wy graach sjen litte. Us  
dream is dat ús programma sis mar de  
Studio Sport fan de gaming-wrâld  
wurdt, mar dan oanbean op in digitale  
stjoerder, dy't minsken thús fia in kastje  
45 ûntfange kinne."  
(4) Om sa'n programma foarelkoar te  
krijen moat der hiel wat wurk fersetten  
wurde. Chamin: "Wy ha hûnderttûzen  
euro oan subsydzje krige om in pilot te  
50 ûntwikkeljen; dêr biede we minsken  
digitale televyzje by oan en litte dan ek  
in programma oer gaming sjen, 'Game-  
nations' ha we dat neamd. No, dy pilot  
hat in skoft draaid yn Noard-Fryslân en  
55 op dit stuit sitte we yn it lêste trajekt.  
Wy binne oan it evaluatearjen en wolle no  
jildsjitters sykje dy't it sponsorje wolle.  
Mar dêr komme we foarearst net oan ta

om't der in hiel soad wurk en gedonder  
60 efter de pilot weikomt. Sa krije we de  
subsydzje yn parten, mar we ha wol ús  
fêste lesten en rekkens dy't we betelje  
moatte. No sitte we dus mei in tydlik  
jildtekoart, want we ha noch net alle  
65 subsydzje binnen. Wat moatte wy  
dwaan? It iennichste dat we ferkeapje  
kinne, is ús printer en de kompjûter,  
mar fierder ha we gjin kapitaal op 'e  
bank.”

70 **(5)** Alex falt syn kollega by: “Sokke  
saaklike dingen witte je net yn 't foar,  
dêr hienen we eins wat mear bege-  
lieding by hawwe moatten. As startende  
ûndernimmer wurdst yn it djippe goaid  
75 en moast oeral mar doel oer ha. Wy  
hienen leaver wat mear stjoering hân,  
ek al soe dat yn de foarm fan in hiel  
ferfelend griis mantsje mei in rekken-  
masine wêze. Sa'n man soe ús war-  
skôgje kinne foar ûnferwachte rekkens  
80 en oare wichtige saken. No kinne we ús  
deadlines net helje om't we it sa drok  
hawwe mei it útstellen fan betellingen.  
We kinne noch krekt ús eigen lean  
85 oermeitsje.”

**(6)** Mar wêrom geane de jonges dan net  
oan it wurk by in baas? Auto fan de  
saak, sekerheid, in trettjinde moanne ...  
“Ja, dêr tink ik wolris oer nei. At it hiele  
90 buro fol leit mei papier en dyn dei be-  
stiet út lestige telefoantsjes, dan bliuwt  
der net folle oer fan dyn ambysjes. Wy  
wurkje ús út 'e naad en sjogge der noch  
neat foar werom. Dat is killing. Us

95 freonen ha soks net, dy wurkje alle-  
gearre by in grut bedriuw. Mar dochs  
leau ik yn ús wurk en boppedat is it  
ferslaavjend om selsstannich dwaande  
te wêzen. Dat jout sa'n kick, dêr kin gjin  
100 jild tsjin op. Fansels wol ik ek graach in  
Bentley, haha, mar no kin ik al myn  
'skills' brûke om fierder te kommen en  
hjr myn eigen dingen te dwaan”, fertelt  
Chamin.

105 **(7)** Mei 'hjr' doelt Chamin op Fryslân.  
Mar is dizze provinsje it goeie plak foar  
de ambysjes fan Mediaheads? “Miskien  
binne wy ús tiid foarút, want yn dizze  
provinsje en sowieso yn Nederlân is  
110 gamen noch in ûnbekende wrâld.  
Spitich, want Fryslân wol mei techno-  
logy en ynnovaasje in soarte fan Finlân  
wurde. Dêr past gaming hiel goed by.  
Je kinne gaming brûke by edukaasje,  
115 toerisme en mear fan datsoarte ge-  
bieten. It foardiel is dat Fryslân op dat  
mêd noch in 'ruraal' gebiet is en dat der  
dus noch in hiel wurkfjild iepen leit.”

**(8)** Ek al is der op it buro fan de  
120 mannen fan Mediaheads hast gjin frij  
plakje mear te sjen, romte foar plannen  
en ambysjes is der yn alle gefallen wol.  
“De kommende moannen ha we noch  
wat opdrachten en kinne we efkes foar-  
125 út. Yn de tuskentiid wurkje we gewoan  
hiel hurd oan Gamenations, miskien  
moatte we it noch wat oanpasse oan de  
ynteresses fan de konsumint hjir. Dan  
hoopje wy dat we it trochsette kinne. En  
130 dan? In eigen BV fansels!”

*Nei: in artikel fan Marijke Roskam yn Frysk Tematydskrift fan febrewaris 2008*

### Tink yn kânsen, net yn bedrigings

- (1) Fryske ûndernimmers binne nochal behâldend. Dat betsjut dat se gjin tige wylde, mar ek net faak hiel domme dingen dogge. Foar't se op grutte skaal ynvesteare, wolle se der wis fan wêze dat der kâns fan slagjen is. It betsjut dat it ûndernimmersklimaat yn Fryslân frij stabyl is. "Dat wol net sizze dat der gjin ynnovaasje plakfyt", sa stelt MKB<sup>1)</sup>-foarsitter Rutger Boelsma.
- (2) Boelsma: "In punt is dy ivige beskiedenens fan de Friezen. Minsken út it westen fan it lân witte it allang: de *unique selling points* (usp's) fan Fryslân binne de rêst, de romte, de betelbere prizen fan de huzen en – miskien it alderwichtichste – de grutte betrouberens fan de minsken. Goed, it duorret eefkes foardatst se kennen learst, mar dan witst ek krekt watst oan har hast. It is net om 'e nocht dat der safolle Friezen by it NOB – it fasilitêr produksjebedriuw foar radio, tv en nije media – wurkje. As se sizze dat it dekor fiif minuten foar de útstjoering klear stiet, dan is dat ek sa. As wy al dy usp's no ris goed útdrage soenen.
- (3) Dat de provinsje heger oplate minsken min fêsthâlde kin, is soargelik yn ús eagen. Wy hawwe te meitsjen mei in 'brainrain'. Minsken mei in akademysk of hbû-nivo kinne hjir gjin baan fine en geane nei de Rânestêd. Oan de oare kant sjochst dat fjirtigers dy't har libben in bytsje op oarder hawwe (troud, bern en in goede baan), weromkomme nei Fryslân. It binne benammen minsken dy't de provinsje al kenne, se binne hjir opgroeid of binne op ien of oare wize al yn 'e kunde kommen mei wat Fryslân te bieden hat. En sokke minsken dy't har hjir nei wenjen sette, ynvesteare yn de ekonomy. Yn it foarste plak knappe se
- 45 har wenning of wenbuorkerij op. Fierder jouwe se jild út foar it libbensûnderhâld. Se reizgje miskien minder faak nei it bûtenlân, mar keapje in boat en bliuwe yn de provinsje. En by eintsjebeslút: as se op jierren komme, ynvesteare se noch yn de soarch. En ferjit net: dat lêste is ek klearebare hannel. Net allinne it fuortgean fan heger oplate minsken, ek it feit dat in behoarlik tal ûndernimmers mei it bedriuw ophâldt, is gjin goede ûntwikkeling. Op dit stuit binne der sa'n 40.000 ûndernimmers ynskreaun by de Fryske Keamer fan Keaphannel. Ynkoarten hâlde 10.000 yn ferbân mei de leeftyd dermei op. In tredde part dêrfan jout oan dat it bedriuw hielendal ferdwynt. It giet dêrby faak om famyljebedriuwen dêr't gjin opfolger foar is. Dêrfoaroer sjogge we de 45-plussers, dy't troch reorganisaasjes of oare oarsaken sûnder wurk komme te sitten. Wy hopen dat dy yn it gat stappe soenen en har as selsstannich ûndernimmer ynsette ynstee fan mei de earms oer elkoar te wachtsjen oant it CWI<sup>2)</sup> har in baan oanbiedt. Mar it liket derop dat de minsken dêrta de enerzjy of moed net hawwe. Dat is spitich want wy rêde it net op mei allinne de jeugd en boppedat giet der op dy wize in protte kunde en enerzjy ferlern. Wy binne in skoftsje lyn as MKB mei bussen fol jongeren nei yndustryterreinen gien en hawwe sa letterlik fraach en oanbod by inoar brocht. Miskien moatte wy nochris neitinke oer in soartgelikens projekt foar 45-plussers. De fraach is altyd: wêr helje we it jild wei?
- 85 (4) It is allegearre hiel kwetsber. Fryslân hat yn ferhâlding in protte taleveringsbedriuwen, dus as it ekonomy wat minder giet, is dat al gau te

fernimmen. Dêr komt noch by dat in  
90 protte simpel hânwurk nei it bûtenlân  
giet. Mei sokke goedkeape arbeids-  
krêften kinne wy net konkurreare. Dat  
moatst dan ek net wolle. Ik sjoch wol  
goede kânsen yn de rekreative sektor.  
95 Dêr is noch in wrâld te winnen. Meitsje  
fan Fryslân it Toskane fan it Noarden,  
rop ik wolris. No geane we de grins oer  
om mei ús fuotten ta de ankels yn de  
druven te stean, dat fine wy geweldich,  
100 mar we hawwe hjir ek genôch  
attraksjes. Gearwurking tusken de  
ûndernimmers soe hiel wat ekstra's  
opsmite kinne. Tink oan in mienskiplike  
site fan alle boateferhierders, dy is der

105 net. Belangstellenden soenen dan  
maklik sjen kinne wêr't se hinne moatte  
om in bepaald type boat te hieren.  
(5) Wy fan it MKB hawwe fierder ien  
grutte winsk: dat der in optimale oan-  
110 sluting komt mei de opliedings. Dat wol  
fan beide kanten mar net slagje. In  
foarbyld: der kaam ris in persoan mei in  
sublym idee by my. Hy koe dat sels net  
útwerkje. Ik haw doe kontakt socht mei  
115 in hegeskoalle en him dêrhinne  
ferwiisd. Mar it paste net yn harren  
ûnderwiisprogramma. Dat is spitich.  
Wy wolle dochs wol graach dat ideeën  
út de praktyk wei in plak krije kinne yn it  
120 ûnderwiis."

*Nei: in artikel fan Gerry Hijlkema yn Frysk Tematydskrift fan febrewaris 2008*

noot 1 MKB = Midden- en Kleinbedrijf

noot 2 CWI = Centrum voor Werk en Inkomen